

Bêste bestjoerder, direkteur, taalkoördinator, learkrêft of meiwurker,

De subsidyjeregeling Frysk foar no en letter 2026 is alwer in skoftke iepen! Fan **16 april oant en mei 30 septimber 2026** kinne skoallen en opfangorganisaasjes yn Fryslân subsidyzje oanfreegje foar it fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer.

Subsydzje kin oanfrege wurde troch berne-opfanglokaasjes, it primêr en fuortset ûnderwiis, it mbû, hbû, wû en it spesjaal ûnderwiis. Aktiviteit 5 (It ûntwikkeljen en útfieren fan in plan foar Fryske taal en kultuer) is ek oan te freegjen troch skoalbestjoeren. De kategory kin yn dizze perioade ien kear in oanfraach yntsjinne wurde.

### Wêrfoar kinne jo subsidyzje oanfreegje?

- Oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal – subsidyzjeplafond € 200.000
- Aktiviteiten op it mêd fan kultuer- en erfogededukaasje – subsidyzjeplafond € 200.000
- Opliedingen of kursussen Fryske taal en kultuer – subsidyzjeplafond € 50.000
- Meartalich ûnderwiis (Taalryk) – subsidyzjeplafond € 100.000
- It ûntwikkeljen en útfieren fan in plan foar Fryske taal en kultuer – subsidyzjeplafond € 450.000

### 1. Oanskaf fan Frysktalich les- of lêsmateriaal

Goed les- en lêsmateriaal is in wichtige basis foar goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. Ek meartalich materiaal, ynklusyf Frysk, komt yn oanmerking foar subsidyzje.

Yn 2026 kinne de kosten foar al oanskaf Frysktalich les- en lêsmateriaal folslein fergoede wurde oant in maksimum fan € 2.000 de oanfraach. **Dat betsjut dat jo it materiaal earst sels betelje en de kosten dêrnei deklarearje kinne.** By de oanfraach moat dêrom in faktuer fan it oanskaftte materiaal meistjoerd wurde.

It subsidyzjeplafond foar dizze kategory is dit jier rommer as foargeande jierren, sadat mear skoallen in oanfraach dwaan kinne. Op it stuit (juni 2026), is der noch mear as genôch romte yn it budzjet foar nije oanfragen.

Der kin allinnich foar (diels)Frysktalich materiaal oanfrege wurde. Oanfragen foar Nederlânsktalige titels (of oare talen) wurde ôfwiisd. Foar it oanfreegjen fan subsidyzje foar Frysktalich les- of lêsmateriaal kinne jo gebrûk meitsje fan it oanfraachformulier '[Materiaal](#)'.

### 2. Aktiviteiten op it mêd fan kultuer- en erfogededukaasje

Berne-opfanglokaasjes en skoallen kinne subsidyzje oanfreegje om bern en learlingen meidwaan te litten oan aktiviteiten oer Fryske taal, kultuer en erfoed.

It giet om kulturele aktiviteiten of erfoedaktiviteiten yn groepsferbân, sawol op, as bûten de eigen lokaasje of skoalle. Tink bygelyks oan in besite oan in teäter, museum, filmfoarstelling, muzykevenemint of literêre aktiviteit. Ek aktiviteiten op it mêd fan erfoed, skiednis, sport of natuer komme yn oanmerking, mits der **in dúdlike ferbining mei Fryske taal, kultuer en erfoed is.**

It subsidyzje bedraacht € 15 de learling, ynklusyf eventuele reiskosten, mei in maksimum fan € 3.750 de oanfraach.

It subsidyzje is oan te freegjen fia it formulier [Kultuer – of erfogededukaasje](#).

### 3. Oplieding of kursus Fryske taal en kultuer

Mei it folgjen fan in kursus, oplieding of neiskoalling kinne leararen, ûnderwiisassistinten en pedagogysk meiwurkers harren kennis fan it Frysk en/of meartalige didaktyk fierder ûntwikkelje. Sa drage sy by oan in sterkere posysje fan de Fryske taal en kultuer yn de eigen opfanglokaasje of skoalle.

Subsydzje kin ûnder oare oanfrege wurde foar it folgjen fan in kursus Frysk, it heljen fan it foech Frysk foar it basisûnderwiis, fuortset ûnderwiis of middelber beropsûnderwiis, mar ek foar it bywenjen fan in kongres of oare foarm fan profesjonele ûntwikkeling op it mêd fan Fryske taal en kultuer.

In berne-opfanglokaasje of skoalle kin foar meardere meiwurkers tagelyk subsidyzje oanfreegje. De kosten foar in oplieding, kursus of neiskoalling wurde, ynklusyf byhearrend materiaal, folslein fergoede oant in maksimum fan € 5.000 de oanfraach.

Foar it oanfreegjen fan dit subsidyzje kinne jo gebrûk meitsje fan it oanfraachformulier '[Oplieding of kursus Fryske taal en kultuer](#)'.

### 4. Meartalich ûnderwiis oanbiede: Taalryk

Taalryk is it netwurk foar meartalich fuortset ûnderwiis yn Fryslân. Skoallen dy't oansletten binne by Taalryk sette harren aktyf yn foar meartaligens yn sawol it ûnderwiis as de organisaasje.

By Taalryk krije learlingen net allinne les yn talen lykas it Nederlânsk, Frysk en Ingelsk, mar wurde ek oare fakken, lykas ierdrykskunde of ekonomy, (foar in part) yn it Frysk of Ingelsk oanbean. Sa wurdt meartaligens in sichtber en fanselssprekkend ûnderdiel fan de skoalpraktyk.

Taalryk-skoallen kinne subsydzje oanfreegje foar it oanbieden en fierder ûntwikkeljen fan meartalich fuortset ûnderwiis neffens it Taalryk-konsept. Jo kinne foar maksimaal € 25.000 subsydzje oanfreegje yn dizze kategory.

Binne jo in Taalryk-skoalle? Dan kin jo subsydzje oanfreegje fia it oanfraachformulier '[Taalryk](#)'.

## 5. Untwikkeljen en yn wurking stellen plan Fryske taal en kultuer

It fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis freget om tiid, ekspertize en ynset. Dêrom biedt de regeling ek romte foar it ûntwikkeljen en útfieren fan plannen dy't bydrage oan in duorsume ferankering fan it Frysk yn de eigen organisaasje. Jo kinne foar maksimaal € 10.000 subsydzje oanfreegje yn dizze kategory.

Subsydzje kin oanfrege wurde foar de ynset fan in meiwurker dy't wurket oan ekstra aktiviteiten op it mêd fan Fryske taal en kultuer. Tink dêrby bygelyks oan:

- it ûntwikkeljen fan in skoaleigen kurrikulum foar it útfieren fan de keardoelen Fryske taal en kultuer 2026;
- it realisearjen fan Fryske taal en kultuer as eksamenfak;
- it yntegrearjen fan Frysk en meartaligens yn in oplieding;
- it ûntwikkeljen fan lesmateriaal;
- it oanstellen fan in taalkoördinator foar it opstellen fan belied en it begelieden fan skoallen;
- it fuortsterkjen fan de trochgeande learline Frysk;
- it tawurkjen nei meartalich ûnderwiis neffens it 3TS- of Taalryk-konsept.

In wichtige betingst is dat de aktiviteiten bydrage oan in strukturele ferankering fan de Fryske taal en kultuer yn de opfangorganisaasje, skoalle of it skoalbestjoer.

By de oanfraach wurdt frege om in koart plan. Dêryn moat yn alle gefallen omskreaun wurde:

- wat jo dwaan wolle en wêrom;
- hoe't de aktiviteit bydraacht oan it fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer op de lokaasje(s) of skoalle(n);
- wat it resultaat wêze sil fan de aktiviteit(en);
- hoe, wannear en troch wa't de aktiviteiten útfierd wurde (planning en tiidskema).

Dêrneist wurdt frege om in oersjoch fan de kosten dy't nedich binne foar de útfiering fan it plan, ynklusyf in taljochting op dy kosten. **It plan moat uterlik 31 desimber 2029 realisearre wêze.**

Wannear't jo plan útfierd is, sil der frege wurde om ferantwurding troch de wei fan in aktiviteiteferslach.

Wolle jo in plan yntsjinje? Dan kinne jo gebrûk meitsje fan it oanfraachformulier '[Untwikkeljen en yn it wurk setten plan Fryske taal en kultuer 2026](#)'

## Fragen of mear ynformaasje?

Hawwe jo fragen oer de regeling of kinne jo help brûke by it ynfoljen fan it oanfraachformulier en it oanleverjen fan de easke stikken? Nim dan kontakt op mei de provinsje Fryslân fia telefoannûmer 058 - 292 59 25 of stjoer in e-mail nei [provincie@fryslan.frl](mailto:provincie@fryslan.frl). Binne jo in primêr-, spesjaal-, as fuortset ûnderwiis skoalle? Dan kinne jo ek kontakt opnimme mei jo skoalstiper, dy't altyd ree is om mei jo mei te tinken.

Mear ynformaasje oer de regeling is te finen op [Frysk foar no en letter 2026 | Fryslan](#)

Mei freonlike groetnis,

**Team Taalplan Frysk 2030**



Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)  
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden  
058 292 5925 / [provincie@fryslan.fr](mailto:provincie@fryslan.fr)  
WhatsApp: 0610268831  
[fryslan.fr](http://fryslan.fr)

